

DE JIERGONG FAN FRYSLÂN



Te keap yn ús winkel en
fia pompebledsjes.nl

MIDSTRAAT 1, JOURE

WATZEVANDERWAL.NL

2023
2024

FRYSK

SELSKIP SWOL

Oan

Jiergong
52

Lede-administraasje: Brethouwerstraat 15,
8043 AZ Zwolle

oprjochte 8 febrewaris 1899



piano's - vleugels - orgels - kleininstrumenten
stemmen - onderhoud - verhuur

DE GRAAF MUZIEK BV

hanekamp 2-8, zwolle, telefoon (038) 453 55 87

It Frysk Boun om Utens

Sneon 16 maart 2024 hâldt it Frysk Boun om Utens syn jierlikse

Algemeine Gearkomste (AG) en de Moetings- & Ynspiraasjemidde

diskear by de Fryske Krite'Waling Dykstra' yn Meppel.



De Tocht is in spektakulêr sjongspul oer de legindaryske Alvestêdetocht, dy't ferneamd is om syn utersten. Fan de waarmte en it feest yn de Fryske doarpen en stêden oant de kjeld, de iensumens en de wurgens op de 200 kilometers iis tusken dy doarpen en stêden.

Sjoch foar ynformaasje op <https://www.theater.nl/musical-de-tocht>



MEIDIELINGEN BLEED FAN IT

FRYSK SELSKIP SWOL

Oprjochte 8 febrewaris 1899
wynmoanne (oktober) 2023

FRIEZEN OM UTENS

Oan 'e ein fan de 19^e iuw kaam de Fryske ekonomy yn in streekrjochte krisis telâne. De oarsaak dêrfan lei foar in grut part by de feehâlderij en de lânbou. Beide sektoaren krigen grutte problemen mei de ôfset fan harren produkten. Dy 'lânboukrisis' easke ûnder de befolking syn tol. Yn 'e rin fan de 19^e iuw wie der wol ris in lichte tebekslach fan de befolking, mar dan wie der dêrnei ek wer sprake fan in beheinde groei. Yn de jierren 1880 – 1890 wie der lykwols in migraasje fan mar leafst 34.637 ynwenners fan Fryslân. De ekonomyske en maatskiplike ûntjouwings wiene der de oarsaak fan, dat de emigraasje fan in protte Friezen yn de 20^{ste} iuw trochgie.

Guon sochten har heil bûten Nederlân, benammen yn de Feriene Steaten fan Amearika en Kanada. Oaren sochten earne oars yn Nederlân in better bestean. Se fûnen wurk yn bygelyks de tekstylindustrie yn Twinte, de Hoogovens (no Tata Steel) yn IJmuiden, de havens fan Amsterdam en Rotterdam, by it spoar, de oerheid, ensfh. Dy stap wie letterlik wol net sa grut as emigrearje nei de Feriene Steaten fan Amearika of Kanada, mar likegoed betsjutte it foar de measten in hiel grutte feroaring.

Thús, op it Fryske plattelân, wie der om hûs en hear romte foar in grientetúntsje, in pear hintsjes, in geit oan't spit en foar de bern in knyn yn it hok. Yn 'e stêd, yn in rychjeswenning of trije heech, koe dat net. Dêr fielden se har opsletten en koene har der net ûntjaan. As men dan op it wurk of yn 'e buert in oare Fries moete, wie men bliid dat men efkes Frysk prate koe. De memmetaal bynt no iennis, wêr't men ek wei komt. Dan gie it al rillegau de kant út fan "Wêr komst wei?" en "Kinst dy en dy ek?"

Sa ûntstiene der úteinlik rûnom yn Nederlân en yn 'e wrâld, Fryske krite. Yn guon plakken wol twa of trije. Yn Swol waard ek ik Fryske krite oprjochte. 'Gisteravond werd in het Poolsch koffiehuis alhier een *Friesch Gezelschap geconstitueerd. bestaande uit 17 leden*'. Dat stie yn de Provinciale Overijsselsche en Zwolsche Courant fan 9 febrewaris 1899. **Dêrom fiere wy dit winterskoft it 125-jierrich bestean fan 'ús' Frysk Selskip Swol. Dat sil heve op freed 15 maart 2024.**

Jan Bosgraaf (foarsitter)



Mei ik dan ek komme?

Neitins oan Trien – Nauta – Bok

Op 27 april 2023 ferstoar ús lid **Trien Nauta – Bok** yn 'e âldens fan 96 jier. 'Na een lang, actief en betrokken leven ...' stie op de roukaart. Sa koene in soad leden fan ús selskip Trien ek. Fyftjin jier hat Trien in sit yn it bestjoer fan ús selskip hân; fan 1971 oant 1986. Trien wie aktyf en belutsen by it selskip. Gauris gie Trien mei nei Fryslân om te sjen oft in toanielstik mooglik ek wat foar ien fan ús jûnen wie. Se wie in krityske taskôger. Net allinne wat de ynhâld fan it stik en de wize wêrop it spile waard oangie, mar foaral ek op it taal- en drankgebrûk yn it stik. Fan Trien mocht It der perfoarst net te rûch oan wei gean. Sa koene wy har as bestjoer ek. Der kaam har eins nea in ferkeard wurd oer de lippen. Yn alle jierren dat Trien lid fan it selskip wie, hat se net folle jûnen mist. Altyd wie se belangstellend en meilibjend en hie se nocht oan in praatsje. En wat hie Trien in nocht oan sjongen! Nei de oprjochting fan it Frysk Sjongkoar, waard se dêr lid fan. Doe't it koar op in Friezedei fan it Frysk Boun om Utens in optreden fersoarge oan board fan in rûnfearboat op de Isel tusken Dimter en Sutfen, song Trien tegearre mei Jelma, as âldste en jongste lid fan it koar, in moai Frysk liet.

'Ouder worden is een zegen, oud zijn valt tegen.' Dat stie boppe-oan op de roukaart. Sa gie it mei Trien ek. Geandewei namen har fysike en geastlike krêften ôf. De lêste tiid fan har lange libben waard se fersoarge yn Villa Berkum. Dêr hat in part fan it Frysk Sjongkoar nochris foar har songen. As in soarte fan oade, dy't har grif hiel goed dien hat. (JB)



Der binne grif leden dy't op 'It Nijs' abonnearre binne. It Nijs is de digitale nijsside fan de Ried fan de Fryske Beweging. Mei in nijsgjirrige seleksje út it wrâldnijs, it nijs út Nederlân en út Fryslân. Alderhande ûnderwerpen, kwestjes en tema's komme foarby. Kultuer, mienskip, wittenskip, opiny (mei aardige kollums), sport, ferdivedaasje en waar.

Okkerdeis makke ien fan de ferslachjouwers fan It Nijs in streekrocht ferslach fan it jubileumfeest fan It Frysak Boun Utens yn Swol..

Mear as 6.000 minsken binne op It Nijs abonnearre. Der kinne noch folle mear by, want it is digitaal. Boppedat, **it is fergees!** Wêr fine jo soks hjoed-de-dei noch? De Ried fan de Fryske Beweging sil bliid wêze mei mear lêzers.

Wa't der ek niget oan hat, kin him har opjaan fia de webside www.itnijs.frl.

FERGEES TAGONG FOAR 2 MINSKEN OP 27 OKTOBER 2023

Dizze bon is foar minsken dy't foar it earst mei ús selskip yn 'e kunde komme en miskien wol lid wurde wolle.

(Dus **NET** foar famylje of goekunde út Fryslân of earne oars wei.)

Namme:

Adres :

Postkoade :

en wenplak :

Tillefoannûmer:

E-mail:

Is/binne op 27 oktober 2023 **GAST** by it Frysk Selskip Swol.

Hy/sy hat/hawwe dizze bon krigen fan:

FERIENING FREONEN FAN OMROP FRYSLAN

De **Feriening Freonen fan Omrop Fryslân** (FOF), is de stipersferiening fan de Omrop, dy't stribbet nei in goede publike Fryske Omrop foar radio en telefyzje. FOF soarget foar ynformaasje oer Omrop Fryslân en stipet Omrop Fryslân by syn doelstellings en aktiviteiten. FOF hâldt kontakt mei har leden fia it ledeblêd Each en Ear. Yn 'e rin fan it jier binne der ferskate aktiviteiten en eveneminten dêr't leden oan meidwaan kinne. Sjoch op 'e webside www.omropfryslan.nl/freonen of wurdt 'facebookfreon'.

De ledebydrage is op syn minst € 9.-- yn't jier.

Wa't ek **FREON fan Omrop Fryslân** wurde wol, kin belje nei 06-43903180.

Of stjoer in e-mail nei freonen@omropfryslan.nl

Oanmelde fia de webside kin ek.

JUBILEUMLIET FRYSK BOUN OM UTENS

Op de wize: Les Champs Elysées / Oh, Waterloo plein
Tekst: Grytsje Kingma

It is hjoed feest, wy binne bliid
 omdat ús Boun salang bestiet
 't is net de leauwen, wat in tiid, jawis: hûndert jier!
 Om dat te fieren sjonge wy
 en nimme der in drankje by
 mei fleur en faasje fiere wy:
 it Boun hûndert jier.

Refrein:

't Frysk Boun hûndert jier – 't Frysk Boun om utens
 't Frysk Boun hûndert jier – 't Frysk Boun om Utens
 It Boun is altyd yn it spier
 en jout ús wille en fertier
 en docht dat no al hûndert jier,
 't is stjerrende wier.

Yn Fryslân wien' wy hikke'en tein,
 mar binne letter dochs útflein,
 en út it Heitelân wei tein,
 út Fryslân ferdwûn.
 It Fryske aard bleau yn ús hert,
 dêr sûnder, nee dat woen'n wy net,
 Fan krite wie der dus ferlet, en fan it Frysk Boun!

Refrein.

Dat der noch altyd krite binn',
 dat is ús tige nei it sin!
 En dêrfan wie dus it begjin, jawis: hûndert jier (*ferlyn*)
 De takomst jout ús soms wol noed,
 komt it dochs mei ús Boun wol goed?
 Mar sjoch dit feest, dat jout dochs moed! Jawis, hûndert jier!

Refrein.

PROGRAMMA 2023 - 2024

Yn it winterskoft 2023-2024 bestiet it Frysk Selskip Swol 125 jier. Dêrmei is it de âldste noch besteande Fryske krite bûten Fryslân. Der hawwe inkelde krite west, dy't noch earder oprjochte binne. De âldst bekende krite is 'Untspanning troch Ynspanning', oprjochte yn 1893 yn Paterson (New Jersey). Us selskip waard oprjochte op 8 febrewaris 1899. Wy begjinne dus oan ús 125^{ste} winterskoft.

Dat dogge wy op **freedtemiddei 27 oktober 2023** mei de ledegearkomste, in optreden fan it Frysk Sjongkoar Swol en it ferhaal fan Klasina Seinstra oer har Alvestêdetocht fan 4 jannewaris 1997.

Yn **desimber 2023** hawwe wy, foar de 14^e kear, ús tradysjonele krystmiel. Datum en plak wurdt noch bekend makke. Der komt in 'Nijsbrief' oer.


Freedtemiddei 19 jannewaris 2024 stiet der in muzikale nijjersmiddei op it programma. Dan komme 'Grytz & Grize', oftewol jonge blom Grytsje Melchers en âlde rot Douwe van der Werff, mei eigen nûmers en nûmers fan Boudewijn de Groot yn it Frysk.

Wy slute it winterskoft ôf op **freed 15 maart 2024** mei in jubileummiddei ta gelegenheid fan ús 125-jierrich bestean. Dêr docht û.o. it 20-jierrich Frysk Sjongkoar Swol oan mei. Fierders wurdt it programma noch útwurke.

Set de data yn jim bûsboekje en/of snoadfoan!

(JB)



DE JONGE, DE MOL, DE FOKS EN IT HYNDER

Bestseller 'De Jongen, de Mol, de Vos en het Paard' is der no ek yn it Frysk!

De wrâldwide bestseller 'The Boy, the Mole, the Fox and the Horse' fan Charlie Mackesy, yn it Nederlânsk suksesfol oersetten troch Arthur Japin, is no ek yn it Frysk ferskynd, ûnder de titel: **'De Jonge, de Mol, de Foks en it Hynder'**.

De Fryske oersetting is fan 'e hân fan de ferline jier ferstoarne dichteres Baukje Wytma. It is in prachtich ferhaal oer freonskip, leafde en dysels wêze; foar jong en âld. Of sa't Baukje it sei: 'In leaf en learsum boek oer de wearde fan in ultieme freonskip.'

De 100 yllustraasjes en de poëtyske teksten fertelle it ferhaal fan de bysûndere freonskip tusken de jonge en de trije bisten. De universele lessen dy't se mei-inoar leare binne stik foar stik libbenswiisheden. In prachtige moderne klassiker.

(Boarne: Afûk)

Boekegegevens:

De Jonge, de Mol, de Foks en it Hynder

Auteur: Charlie Mackesy

Oersetting: Baukje Wytma

Utfiering: ynbûn, hurd kaft

ISBN: 978 949 3318052

Tal siden: 128

Taal: Frysk

Ferkeappriis: € 24,95

www.websjop.afuk.frl

(ferfolch fan side 12)

Nei de lunsj is der in optreden fan in man- en froumachtich 'Bounskoar', gearstald út de koaren fan de kriten Swol, Lelystêd, Boadegraven en Twinte. It spesjaal foar dizze gelegenheid gearstalde koar stiet ûnder lieding fan Jelma Wiegersma en Liesbeth van Rooijen sit dizze middei oan de piano. It optreden bestiet út ferneamde en minder bekende Fryske lieten. Yn de romme, hege seal 'klinkt en davert it fier yn it rûn'. De steande ovaasje dy't it koar nei ôfrin kriget, is folsein op syn plak.



It Grut Frysk Bounskoar (foto: Johan Bosgraaf)

Yn stee fan sa'n 60 sjongers moat de Fryske trûbadoer Gurbe Douwstra it dêrnei lykme-allinne dwaan, dêr't er lykwols gjin inkelde muoite mei hat. Hy hat de seal foardaliks by it hert. Foaral mei lieten as 'Cliffs of Moher', 'Heit' en 'As it myn tiid' is, taast er de minsken yn it moed. Dan is der wolris ien, dy't it efkes krap hat. Mei 'Lit jim gean Friezen' bart it krekt oarsom. Dêrby komme de minsken fan 'e stuollen en sette se mei in polonêze útein.

Ta beslút is der in optreden fan it teaterselskip Hymphamp, dat foar dizze gelegenheid in spesjaal programma gearstald hat mei gefoelige sketskes mar ek gauris tige hilyarsk. Sa wurdt it omsittend laach efkes op it harspit nommen om harren âldfrinzige idioom mei wurden dy't Friezen yn Fryslân amper mear neikomme kinne.

Tsjin healwei seizen wurdt it programma ôfsluten mei tankwurden foar de jubileumkommisje en oare helpers, sûnder wa't it feest net mooglik west hie. It feest is lykwols noch lang net dien. Nei in sûpkje (of twa) stiet der in rynsk waarm en kâld buffet ree. Mei it liif fol iten en in soad moaie oantinkens oan dit tige slagge jubileumfeest, giet elk jûns nei hûs ... earne bûten Fryslân.

Jan Bosgraaf

PS. Sjoch alle foar foto's fan it jubileumfeest op www.fryskbutenfryslan.frl

(ferfolch fan side 11)



Kommissaris fan de Kening Arno Brok (midden) oerhandiget de oarkonde dy't by itt predikaat 'Keninklik' heart oan foarsitter Jan Bijkerk. Rjochts mei de blommen deputearre Eke Folkerts. (foto: Johan Bosgraaf)

Dizze en jinge moat efkes slokke om it te ferwurkjen. Tegearre mei de deputearre foar taal en taalûnderwiis, Eke Folkerts, langet Brok de byhearrende oarkonde oer oan foarsitter Bijkerk. Mei oranje sûpkjes wurdt der op it 'Keninklik Frysk Boun om Utens' toaste. It sjongersduo Grytsje Kingma en Rob du Jardin sjonge, yn 'e mande mei de seal, in fleurich jubileumliet oer it 100-jierrich bestean fan it Boun.

Dan is it wurd oan gastsprekker Wiebe Wieling, de foarsitter fan de Koninklijke Vereniging De Friesche Elf Steden. Yn syn mear persoanlike taspraak giet it oer Friezen om utens mei langstme nei it Heitelân. Mar ek oer nije Friezen, dy't ynearsten net nei Fryslân ta wolle, mar, as se har dêr ien kear nei wenjen set hawwe, der net mear wei wolle. En oer al dy frijwilligers, dy't harren faak jierren oanien mei hert en siel ynsette foar de feriening of de krite. It jildt likegoed foar de Alvestêdetocht as foar de Fryske kriteren. It hat te krijen mei deselde bân (mei Fryslân) dy't elk fan harren fielt.

Nei de fleurige taspraak fan Wieling, folget al wer in hichtepunt yn it grôtfolle programma. De presintaasje en útrikking fan it jubileumboek, dat spesjaal foar dizze gelegenheid skreaun is troch de eardere foarsitter en earelid fan it Boun, Hâns Dijk. It boek hat as titel 'It djippe wêze fan de Friezen om utens'. Yn it boek freget de skriuwer him ôf, hoe't it mooglik is dat al dy kriteren bûten Fryslân, sawol yn Nederlân as oer de hiele wrâld, safolle jierren funksjonearje koene. Wat driuwt al dy bestjoersleden en frijwilligers? Wat sit dêr efter? It is lykwols ek in parody, sa't Dijk sels seit, mar foaral in oade oan al dy wrotters dy't soarge hawwe dat it Boun de hûndert jier helle hat. De foarsitter rikt de earste eksimplaren fan it boek út oan de skriuwer en de útjouwer, Jitske Kingma.

Dêrnei is der wer ferdiveadaasje mei in optreden fan Grytsje Kingma en Rob du Jardin. It duo, dat himsels op gitaar en fioele begeliedt, sjongt in tal moaie Fryske lieten. Yn in Frânsk aksint, mar yn geef Frysk, sjongt Rob mei ynmoed 'Ik kom út Fryslân', dêr't de seal fuortdaliks op ynheakket.

(ferfolch op side 13)

KLASINA SEINSTRAS HAR ALVESTEDETOCHT

Thús, as har suskes nei skoalle wiene, frege se har mem oft se op de sleat foar it hûs reedride mocht. Elke kear, as se op redens stie, woe se it better dwaan. As immen har wat learde, naam se dat oan en besocht fuortdaliks oft it har ek slagge. Dat wie it begjin fan de reedrydkarriêre fa Klasina Seinstra.

Letter wie Annie Gemser ien fan har trainsters. It begûn op de langebaan. Dêrnei folge al gau de Fryske seleksje. Mar Klasina woe mear. Troch de langebaan rekke se ferslingere oan de maraton. It gie har dêrby net allinne om de faasje mar foaral ek om de taktyk. Ta har teloarstelling waard se gauris twadde. Se woe mear! Mar hoe koe se dat berikke?

Lang om let frege se Henk Gemser oft hy foar har in trainingsskema skriuwe woe. Mar Henk sei: it giet dochs goed? Mar dêr gie se tsjynyn en sei, dat se winne woe. It is in kwestje fan mentaliteit, sei Gemser. En hy joech har it advys om minder te trainen. Rêst is ek training, makke hy har dúdlik.

Earst die se it noch foarsichtich oan, mar doe kamen de jierren 1996 en 1997. Jierren wêryn't Klasina in soad wûn. En doe ... kaam de Alvestêdetocht fan 4 jannewaris 1997. Klasina hie de goede foarm te pakken. No sil it echt barre, tocht se. Moarns om kertier oer seizen draaft se mei oaren de hal út nei de Zwettehaven. Gau de redens ûnder en dan yn it roetsjuster de Zwette op de kant út nei Snits. Dêrnei komme Drylst, Sleat, Starum, Hylden ensafuorthinne. Al dy kloften entûsjaste minsken yn 'e stêden en oan 'e kant fynt se geweldich en makket grutte yndruk op har. Nei Harns komt se yn in ploechje riders mei 7 manlju en 1 frou. Dat rydt dat it slytjaget. Tsjin 'e wyn (krêft 6) yn giet it op Dokkum ta. De oankomst yn de Bonifaciusstêd is geweldich. Dan werom, foar de wyn de Dokkumer le del nei Bartlehiem, loftsôf nei Aldtsjerk en de lêste kilometers nei de Bonkefeart. En hieltyd Greta Smit mar yn 'e gaten hâlde. Wannear moat de einsprint ynset wurde? Dat docht Klasina op it juste momint. Se giet wat mear fansiden en kin mear faasje meitsje. Seis oeren en 49 minuten nei de start 'fljocht' se as earste froulike rydster oer de finish. En wat in gaos en gekkehûs nei ôfrin. Klasina fynt it geweldich!

Sa entûsjast as se doe wie, is se noch altyd. Dêrom fertelt se har ferhaal oer dy memorabele Alvestêdetocht fan 4 jannewaris 1997 ek sa graach. Freedtemiddei 27 oktober 2023 ek by ús yn 'de Weijenbelt'. Oant sjen!

(JB)

Wat is leafde

*Wat is leafde foar jins bertegrûn, in beaken yn 'e tiid?
Is't in ljocht yn tsjust're dagen, in hâldfêst yn soarch en
striid?
Of is't in sêfte pine dy't nimmen ea ferdriuwet?
It byld fan't âlde hûs dat altyd bliuwt.*

(Rients Gratama)



De leden fan it **Frysk Sjongkoar Swol** sjonge al jierren mei in soad nocht en wille alderhande moaie Fryske lieten. Elk dy't sjonge wol, kin lid wurde. Men hoecht de Fryske taal net iens machtich te wêzen. As der mar yn 't Frysk songen wurdt!

Freedtemoarns om 10 oere repeteart it koar yn it Moetingssintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte).

It koar fersoarget sa no en dan in optreden en ienris yn't jier hawwe de leden in útsje nei Fryslân. Tidens dat útsje sjongt it koar mei in soad foldwaning ek yn in âldereinhûs earne yn Fryslân. Yn 'e simmer komme de leden byelkoar foar in gesellige midsimmermoeting.

Elts dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Want sjongen ferbynt minsken en makket minsken bliid. Net allinne de sjongers. Ek de taharkers.



Kom earst mar ris nei in repetysje.
Dat jout fierders gjin ferplichting.

Nim foar mear ynformaasje kontakt op
mei ien fan dizze minsken

Douwe Boersma	foarsitter / skriuwer	0523 – 656802
Jolanda Lootens	ponghâlder	038 – 4200066
Jelma Wiegersma	diriginte	038 – 3311670

(JB)

(ferfolch fan side 10)

Dy sneontemoarn fine likernôch 200 leden fan de tolve by It Frysk Boun om Utens (koartwei: It Boun) oansletten kriteren it paad nei it multifunksjoneel wyksintrum SIO yn Swol. Dêr wurde se hertlik ûntfongen mei kofje of tee en ... as goede Fryske tradysje ... mei oranjekoeke. It "Wat ha'k dy yn in skoft net sjoen!" en "Hoe is't mei dy?" is net fan 'e loft. De organisaasje moat dan ek alle war dwaan, om de minsken op tiid te plak te krijen, wol de foarsitter om alve oere it wurd nimme kinne. En 11.00 oere is by Friezen 11.00 oere en net in minút letter! Mar it slagget.

De foarsitter fan it Boun, Jan Bijkerk, hjit de minsken wolkom en giet yn syn iepeningswurd de skiednis fan it Boun koart bylâns. Hjoed-de-dei is der minder ferlet om inoar yn ferieningsferbân te moetsjen. Dat jildt ek foar de Friezen om utens. It tal leden en dêrmei ek it tal kriteren rint al jierren stadichoan tebek.



F.I.n.r Sjoerd Bakker, Stoffel Haagsma en Hâns Dijk,
de trije eareleden fan it Boun. (Foto: Johan Bosgraaf) .

Dêrtroch bestiet by kritebestjoeren en by it Boun noed om de takomst. Mar, sa't Riens Gratama silger it sa moai sei: "Jo krije in man wol út it lân, mar it lân net út 'e man." Dêrom hâlde wy de moed der yn, seit Bijkerk. "En dêrom is it hjoed feest!" Dat feest begjint mei it sjongen fan it Frysk folksliet.

Dêrnei kriget de Kommissaris fan de Kening yn Fryslân, Arno Brok, it wurd. It is tige bysûnder, dat in feriening sa lang bestiet. Dat jildt ek foar It Frysk Boun om Utens. It is de taal en de kultuer dy't Friezen mei-inoar ferbynt. As 'nije Fries' (Brok is hikke en tein yn Leerdam) begrypt er lykwols net, sei't er my gefoel foar humor, dat alle 'bûten-Friezen' dy't yn 'e seal sitte net nei Fryslân werom gien binne te wenjen. Sa'n tsjokke knypeach kinne de taharkers wol wurdearje.

Oan 'e ein fan syn taspraak hat Brok in hiel grutte ferrassing. Want, sjoen it grutte belang dat it krewearjen fan de kriteren en it Boun foar de Fryske taal en kultuer hat, hat Kening Willem-Alexander besletten, dat It Frysk Boun om Utens tenei it predikaat '**Keninklik**' fiere mei! In daverjend hantsjeklappen folget op dit geweldige nijs.

(ferfolch op side 12)


It Frysk Boun om Utens


In earste foarm fan tusken de Fryske krite 1899 en 1905 ta stân Fryske folkslektuer

Dêryn waard ynformaasje oer programma's, bestjoersgearstalling, ensfh. útwiksele. Op 23 maart 1903 die de Fryske krite yn Apeldoarn in oprop ta in mienskiplike gearkomste fan de krite yn Nederlân. Spitigernôch bestie hjir mar in bytsje belangstelling foar. It aai wie lykwols lein en dêrnei sochten de krite mear en mear kontakt mei-inoar. Op snein 10 desimber 1905 waard yn Utert it 'Boun fen Fryske Selskippen bûten Fryslân' oprjochte. Rillegau kaam der lykwols in omkear yn it entûsjasme fan de kriteleden. Op 24 novimber 1918 waard op in gearkomste yn Amsterdam besletten 'It Boun fen Fryske Selskippen bûten Fryslân' op te heffen. Fiif jier letter, op Pinkstermoandei 5 juny 1922 giene der op in gearkomste yn Bergen fannijs stimmen op om ta in nije oerkoepeljende organisaasje te kommen. In goed jier letter, op 15 septimber 1923 kaam it ta de oprjochting fan (opnij) 'It Boun fen Fryske Selskippen bûten Fryslân'. Yn 1948 feroare de namme yn 'It Frysk Boun om Utens'. It Boun organisearret û.o. Friezedagen. Yn it ferline kaam dêr in kliber folk op ôf. Sels de krisis fan de tritiger jierren fan de foarige iuw koe it entûsjasme foar dizze dei amperoan timperje. Op 'e Friezedei yn 1936 wiene om ende by 2.000 minsken oanwêzich. Mar tiden hawwe tiden. De ôfrûne tsientallen jierren rint it tal leden fan de krite tebek en dêrmei ek it tal Fryske krite. Op dit stuit binne der yn ús lân noch 12 krite mei sa'n 1.100 leden by it 100-jierrich Boun oansluten.

Op sneon 16 septimber 2023 fierde it Boun it 100-jierrich bestean yn Swol. As selskip wiene wy der wiis mei, dat de kar op Swol foel. It wie dan wol it feestje fan it Boun, mar wy fielden ús ek in bytsje as gasthear en -frou. Boppedat is it Frysk Selskip Swol mei krapoan 125 jier de âldst besteande Fryske krite yn Nederlân. En mear as 40 leden fan ús selskip en it koar hiene har foar dizze dei opjûn. Dêrom hawwe wy alle gasten op oranjekoeke traktearre.

In jubileumkommisje hat krapoan trije jier mei de tarieding dwaande west. Yn dy jierren waard alles oant yn 'e fine puntsjes regele en fêstlein. Neat waard oan it tafal oerlitten. Alles moast klopje. Ek de sinteraasje. Ferskillende ynstânsjes yn Fryslân seine finansjele stipe ta en ferskate bedriuwen hiene alderhande guod beskikber steld foar in hiel grutte ferlotting en/of betelle foar in advertinsje yn it mânske programmablêd.

ûnderling kontakt yn ús lân kaam tusken troch it wykblêd foar 'Sljucht en Rjucht'.

(ferfolch op side 11)

POEZIJPOSTERS

Om Fryske poëzy nei middelbere skoallen te bringen en de sichtberens fan Fryske poëzy op skoallen te fergrutsjen, skreau de Dichter fan Fryslân 2021-2023, Sigrid Kingma, in poëzijwedstriid út mei in tema binnen in eksakt fak. It gedicht moast de lêzer op in oare wize nei de lesstof sjen litte. De winnende gedichten binne as posters opmakke en foarmjûn troch Silke Boersma. Mei de posters kin de sichtberens fan Fryske poëzij op skoalle fergrutte wurde. It Kristlik Gymnasium Beyers Naudé yn Ljouwert hie de eare om de earste eksimplaren fan de 6 poëzijposters fan de Dichter fan Fryslân yn ûntfangst te nimmen. De Dichter fan Fryslân skreau sels ek in gedicht foar de poëzijposters. De oare gedichten binne skreaun troch: Bauke Vermaas, Lara Kool-de Vries, Sietske Boonstra, Berber Spliethoff en Neeltje Terpstra en binne werom te lêzen op de webside fan Dichter fan Fryslân: www.dichterfanfryslan.nl.

(Boarne: Afûk)

Fytse yn de rein

*Yn de rein op in simmerske snein
fytst Newton in wedstryd tsjin Einstein*

*Newton kin op 'e crosshybride
mei minimale wriuwing ride
dy teory is lang net dom
en by de helling, tink derom
fljocht er op 'e sweef omheech
want hy wit: massa is dreech*

*Einstein is net sa kreatyf
de fluchste tiid is relatyf
Newton mei graach it middelpunt sykje
en syn paraplubegryp sil hiel wat lykje
mar mei it gammel âld izer
is Einstein noch gjin ferliezer*

*Hat er der dan in moterke op?
Nee, gjin krêft kin tsjin logika op
al hast in aerodynamysk tenu
fytse wol net mei in paraplu.*

Sigrid Kingma

LEDEGEARKOMSTE FRYSK SELSKIP SWOL*freedtemiddei 27 oktober 2023**om 14.00 oere (ynrin fan 13.30 oere ôf)
yn 'de Weijenbelt'
Campherbeeklaan 82, Zwolle (Berkum)***WURKLIST:**

1. Iepening en meidielings
2. Ferlach fan de ledegearkomste (*sjoch it 1^{ste} krantsje 2022/2023*)
3. Jierferslach 2022-2023 fan de skriuwer (*de krantsjes en nijsbrieven fan 2022/2023*)
4. Jierferslach 2022-2023 fan de ponghâlder (*is middeis beskikber*)
5. Ferlach fan rekkenopnimmers Harmen van der Zee en Gerrit Jellema
Harmen van de Zee is ôfgeand. Reserve-rekkenopnimmer is Jaap van Slageren.
6. Beneaming fan in nije reserve-rekkenopnimmer.
7. Bestjoersferkiezing
Annet Nieuwenhuis en Jolanda Lootens binne ôfgeand en op 'e nij foar trije jier yn te hieren. Beswieren en/of (tsjin)kandidaten kinne foar 27 oktober 2023 yntsjinne wurde by de skriuwer.
8. Winterskoft 2023/2024
27 oktober 2023 ledegearkomste, Frysk Sjongkoar Swol en Klasina Seinstra.
Yn desimber wer in krystmiel. Dei en plak binne dan bekend.
19 jannewaris 2024 nijjersmiddei mei 'Grytz en Grize'
15 maart 2024 fiering fan it 125-jierrich bestean fan it Frysk Selskip Swol en it 20-jierrich bestean fan it Frysk Sjongkoar Swol.
9. Ynlage foar it winterskoft 2023/2024
It útstel is om de ynlage fan € 38.-- de man/frou yn it jubileumjier net te ferheegjen.
10. Begutting fan it winterskoft 2023/2024 (*is middeis beskikber*)
11. Rûnfraach
12. Sluting

Nei ôfrin fan de ledegearkomste
is der in optreden fan it

**SKOFT**

Nei it skoft fertelt



winneres fan de lêste Alvestêdetocht, oer alles wat se foar, mei en nei de Alvestêdetocht fan 4 jannewaris 1997 meimakke hat.

En lykas altyd, is der in ferlotting mei moaie prizen.

**It is al wer in middei om net te fersitten!
Lit de kâns net foarby gean!**